

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2016 FAN de

Wurkgroep Maritime Skiednis

DOELSTELLING:

Befoarderjen fan de studzje nei – en de belangstelling foar de maritime skiednis fan Fryslan.

BESTJOER

Foarsitter	Rob Leemans
Skriuwer	Jelle Jan Koopmans
Leden	Hanno Brand, Siem van der Woude en Jan de Vries
Binne der yn 2016 bestjoersleden ôftreden?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Binne der yn 2016 nije bestjoers-leden beneamd?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Wienen der op 31 desimber 2016 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

Tal leden op 1 jannewaris 2016	47
Tal leden op 31 desimber 2016	48
Talittingsbetinksten	

AKTIVITEITEN

Lêzings / gearkomsten		
Datum	1.	23-04-16
Sprekker	Jelmer Kuipers	
Titel fan de lêzing	Oergong fan hout nei stielbou op de Fryske Skutsjewerven.	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	21	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Yn it wittenskiplik diel ferteld Jelmer Kuipers oer de oergong fan hout nei stielbou op de Fryske Skutsjewerven. It wie de firma Barkmeijer (oarspronklik ôfkomstich út it Grinzer Briltil) dy op har werf yn Snits in 1889 it earste izeren skip yn Fryslân bouden. Dit skip wie boud foar de beurtskipper Jacob de Jong fan Koudum. Yn it topjier 1905 waarden op de werf yn Snits 24 nije skippen boud wêrfan 15 skûtsjes. In oare wichtige werf yn Fryslân wie dy fan de bruorren Roorda oan de Pijp yn Drachten. Op dizze werf fan Roorda binne tusken 1906 en 1925 42 izeren skippen boud wêrfan 26 skûtsjes. In soad skûtsjes fan Roorda binne noch hieltyd aktyf yn de wedstrydfeart. Oare wichtige izeren skutjesewerven yn Fryslân wiene: van der Werff (Burgum, Drachten, Starum, Ljouwert, Wergea) van der Werf (Kootstertille, Britswerd), Bos yn Ychtenbrege, Zwolsman yn Makkum, Croles yn Drylts, Draaisma yn Frjentsjer, de Jong yn Heech en van van der Zee yn e Jouwer. Troch de grutte produksje fan izeren skûtsjes, sa waarden yn 1915 op 30 izerwerven 105 izeren skutjes produsearre, waard it houten skûtsje hieltyd minder brûkt. Wol blykt dat op de izerwerven de âlde houtmaten noch in soad brûkt waarden en guon werven bleaun njonken izeren skûtsjes ek houten skutjes produsearjen.</p>		

Yn de jierren 20 en 30 naam de bou fan de izeren skûtsjes flot ôf troch de opkomst fan it motorisearre frachtferfier.		
Datum	2.	08-10-16
Sprekker	Nykle Dijkstra	
Titel fan de lêzing	19e iuske Fryske binnenskippen	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	17	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>De earste sprekker Nykle Dijkstra, yn augustus 2016 yn Leiden ôfstudearre, naam de oanwêzigen mei yn de roefkes en ûnder it durkslûk fan 19^{de} iuske Fryske binnenskippen, op basis fan syn stúdzje: <i>In roef en durk, materiele kultuur op de Friese zeilende binnenvaart (1811-1920)</i>. Op grûn fan 22 boelbeskriuwings, út alle desennia fan it neamde tiidrek, hat Dijkstra in fergelyk makke mei 20 boelen fan middenstanners oan de wâl, opdield yn de thema's: ferwaarming, ferljochting, meubels foar sitten en sliepen, dekoraasje, iten siere, tekstyl, klean en sieraden en wapens. Ien fan de oanwêzigen wist dat skippen soms oerfallen waarden, dat in pistoal koe goed fan pas komme. Yn de 19^{de} iuw naam it tal skippersfamyljes dat oan board wenne ta, yn 1911 gie it om 88%. It waard folle húsliker yn de roefkes. <i>We kunnen concluderen dat de materiële cultuur van binnenvaartschippers minder sterk van niet-schippers afweek dan men zou verwachten</i>, sa stiet yn it neamde wurkstik.</p>		
Datum	3.	08-10-16
Sprekker	Henk Goslings	
Titel fan de lêzing	Rederij Goslings en Posthuma	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	17	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Henk Goslings de twadde sprekker, is in oerpakesizzer fan Oege Goslings (1824-1895), fennoat fan it kassiersbedriuw, sis mar bank, Posthuma en Goslings út Dokkum. Beide firmanten wiene oplaad ta kandidaat notaris. De firma hie ûnder mear in rederij as bankêre tsjinst. Klanten koene dielnimme yn dizze rederij en grif hiene Posthuma en Goslings sels ek parten. De kapiteinen kamen út de regio Dokkum en sille in belangrike faktor west hawwe. De rederij bestie tusken 1854 en 1870, mar der is gjin argyf bewarre bleaun. Op grûn fan ferskate ynformaasje komt de sprekker op fiif sylskippen, twa 'schoeners', in kof, in klipper en in 'schoenerbrik', en hy koe de kapiteinen en de reizen trasearje. Sjoent alle tsjinslaggen sille de finansjele resultaten net nei ferwachting west hawwe. Goslings is dwaande mei in publikaasje oer dit ûnderwerp. Ien fan de oanwêzigen wiisde op de database fan Marisdata.</p>		
Symposia		
Datum en lokaasje	1.	23 jannewaris 2016 Foeke Hylpen
Titel	'Een Hindelooper zeereis'	
Doelstelling	Befoarderjen fan de studzje nei – en de belangstelling foar de maritime skiednis fan Hylpen. Reklame foar de wurkgroep.	
Sprekkers en titel bydrage	Karel Gildemacher, Elisabeth Spits, Jelle Jan Koopmans, Cor Trompetter, Rob Leemans en Jan de Vries.	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	151	
Gearfetting (maksimaal ½ A4)		
<p>De earste foardracht fan Karel Gildemacher gie oer it ûntstean fan it Suderseegebiet. It gebiet run de Sudersee is alderminst statysk mar hieltyd yn ûntjouwing. Fan it Mare Flevum, oant it Almere oant it ûntstean fan de Sudersee yn de fjirtjinde ieu. Net foar neat de Sudersee neamd om't de oriïntaasje fan de handel en de skipfeart dy't yn dit gebiet ûntstie</p>		

benammen op it Noarden rjochte wie. Fryske stêden lykas Hylpen, en Starum hellen grutte wolfeart, mar hiene mar in lyts bytsje efterlan en doe't de skipfeart wei rekke bleau der ek fan dizze plakken mar in lyts bytsje oer. Elizabeth Spits fertelde yn har presintaasje benammen oer smak- en fluitskippen. It meast brûkte skip foar ferfier fan guod fan Nederlân nei havens oan de Noardsee, Ingelân en Frankryk wie it smakskip. Dit yn Nederlân ûntwikkele skip wie likernôch 25 meter lang en hie lyts bytsje djipgong, in flakke boaiem en zwurden wêrtroch hy gaadlik wie foar ûndjippe kusten en ek rivieren fier op farre koe. It fluitskip ûntwikkele him om ende by 1600 oant it meast brûkte Nederlânske frachtskip. In soad Fryske en Hylper seelju fieren op dizze fluitskippen nei Skandinavie. Dit skip underskiede sich troch in smal dek en in brede romp wat it in 'buikig' uterlik jout. Fluitskippen wiene grutter dan smakskippen en waarden soad brûkt foar it ferfier fan hout en not. Rob Leemans hold in byldzjende presintaasje oer de keunst fan it navigearjen. Waard yn eardere tiden de posysje op see en de rjochting bepaald oan de hân fan natuerlike skaaimerken lykas fûgels en wolken yn de rien fan de jierren waarden hieltyd mear ynstrumenten utfun om dit te bepalen. De jacobsstaf, de sekstant en it kompas binne hjir moaie foarbylden fan. Jelle Jan Koopmans fertelde oer de partenrederij oan de hân fan it skipsboek Hempenius (tanksij frijwilligers fan de wurkgroep maritime skiednis transkribearre). út dit skipsboek blykt dat de parten fan smakskippen faak ûnder in netwurkje fan Fryske reders wie ferdield. By de rederij fan fluitskippen wiene njonken in soad Fryske partenbesitters ek reders út Hollân en dan benammen Amsterdam belutsen. ûnder dizze reders befunen sich tige oansjenlike Amsterdammers lykas Joachim Rendorp, Pieter Onkelboer en Cornelis Calcoen. Dêrnjonken wie der sprake fan in menniste konneksje tusken Hollân en Fryslân. It ferhaal fan Kor Trompetter slute hjir moai op oan want hy fertelde benammen oer de mennisten yn de Súdwesthoeke. In soad skippers wiene mennist. In oantal menniste famyljes lykas Roos en Hinloopen wist in behoarlik kapitaal op te bouwen. Dit rûn yn dy achtjinde ieu al yn de hûnderttûzenen gunen. Jan de Vries hold syn ferhaal oer lokale seehelden en hie in treuriche meidieling foar de Hylpers. Sy soene har iennige seeheld Auke Wybesz hjoed kwyt reitsje. Auke Wybes hat nammentlik nea bestean en is in fabeltsje fersonnen troch Jacobus Scheltema. Wybe Sjoerds en letter syn soan Pieter Wybes út Molkwar hawwe wol bestean. Sy krigen in privileezje fan de tsaar wêrmei wierskynlik de Hylper leginde yn de wrâld kommen is.

Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes)

Datum	1.	Jannewaris 2016
Namme tiidskrift of útjouwerij	Historisch tijdschrift Fryslan	
Auteurs en artikels	Karel Gildemacher <i>De Zuiderzee en scheepvaart</i> Jan de Vries <i>Een Hindelooper legende</i> Jelle Jan Koopmans <i>Het Fries-Hollands partenbezit</i> Rob Leemans <i>Navigatie in de 17de en 18de eeuw</i> Cor Trompetter <i>Schippersgemeenschappen aan de Zuiderzeekust</i> Elizabeth Spits <i>Schepen van de Gouden Eeuw</i>	
Titel fan de publikaasje	'Een Hindelooper zeereis.'	
Tal siden	31	
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje		
Themanumer mei publikaasjes fan de sprekkers op it fan Symposium 2016		
Eksjurzjes		
Datum	1.	08-10-16
Reisdoel	Fiskershuske Moddergat	

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

Gids gastsprekker	Jacob Bosma
Opkomst (tal leden en oare gasten)	17
Koart ferslach	
In ûntfangst yn- en it besjen fan it museum It Fiskershúske, oan de foet fan de seedyk mei it monumint foar de fiskers dy't by de stoarmramp fan 1893 omkommen binne en 'de Garnalenfabriek'.	
Oare aktiviteiten (bygelyks útfieringen musikologysk wurkferbân)	
	1.
	2.
	3.

FINÂNSJES

Totaal útjeften yn 2016	€	
<u>Spesifikaasje útjeften:</u>		
- Bestjoerssaken	€	0
- Gearkomsten	€	0
- Lêzingen	€	0
- Sympoasia	€	1500
- Publikaasjes	€	0
- Ekskurzjes	€	0
- Oare saken	€	0

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN
